



FNP ferkiezingsprogram 2019-2023

‘Foar de Stim fan Fryslân’

5

Fêststeld

yn de Algemiene Ledegearkomste

fan de FNP op 23 novimber 2018

10

Ynhâld

Side

3. **0. De 7 kearnwearden fan de FNP**
- 5 4. **1. Ynlieding** – Gearwurkje foar alle ynwenners fan Fryslân – Us ynset foar de kommende fjouwer jier – Oer de yndieling fan dit program
6. **2. Fryslân bestjoert** – De leie sels yn hannen! – Kearntaken fan de Provinsje – Gearwurking mei oare oerheden – In eigen plak yn de Earste Keamer – Aktyf yn Europa
- 10 9. **3. Us griene goud** – Natuer en lânskip – De EHS en gebietsûntwikkeling – Agrarysk Natuerbehear – Fryslân greidefûgellân – Ferantwurdlik foar de natuer – Duorsume fiskerij
12. **4. Fryslân libbet** – Ynset foar de mienskip – Kulturele Haadstêd 2018 – It Frysk en de streektalen – Underwiis: kwaliteit en meartaligens – Sport: Thialf en Fryske sporten – Media: Omrop Fryslân en in Frysk mediasintrum
- 15 17. **5. Fryslân wurket** – Perspektyf foar de ekonomy kwaliteit foar rekreaasje en toerisme – ferkear: kosten en baten – iepenbier ferfier ferbetterje
21. **6. Fryslân wennet** – De kwaliteit fan de romte – Krimp yn de regio – Wenbelied werom nei de maatskiplike taak – lokale foarsjenningen – streekaginda's – detailhannel
- 20 24. **7. Fryslân duorsum** – Enerzjy: alternativen foar wynturbinen – romte foar lokale mienskip; lânskip; libbensomjouwing – kringloop by oare grûnstoffen – sûn wetter en drûge fuotten – wetterbehear kritysk hifkje – feangreide en maatskiplike kosten
28. **8. Fryslân rekkenet** – Baas oer de eigen finânsjes – de ferhâlding mei de Rânestêd – lykwicht yn ynkomen en útjeften – belestingen - topsalarissen

De 7 kearnwearden fan de FNP

Demokrasjy: De FNP fynt dat de macht oer de oerheid oan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

- 5 **Federalisme:** De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de Provinsje, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

- 10 **Ynternasjonalisme:** De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

Taal en kultuer: Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Biltsk en it Stellingwerfsk.

- 15 **Undernimmerssin:** De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmersskip de romte jaan, sadat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.

Solidariteit: De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik, Friezen en nije Friezen beholden en fersterke wurde, sadat nimmen oan 'e kant komt te stean.

- 20 **Duorsumens:** De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan te potfertarren siket de FNP nei ekonomyske bestearsfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

1. Ynlieding

De stim foar Fryslân!

No is de tiid!

5 Wy sette ús yn foar de takomst fan ús ierde en ús mienskip. De gefolgen fan de klimaatferoaringen en it tebekrinnende bioferskaat wurde hieltyd mear sichtber. Sêfte winters, stille maitiden en waarmere simmers binne it bewiis. De publike tsjinsten, lykas sûnenssoarch, ûnderwiis en plysje wurde útklaaid, wylst grutte ynternasjonale ûndernimmings gjin striebreed yn 'e wei lein wurdt. Grutte winsten binne foar in pear, it ferlies sil winliken droegen wurde moatte troch de mannichte.

10 De minsken freegje har ôf: Hoe moatte wy dêrmei omgean? Hoe kinne we it sa meitsje dat wy wer stjoer krije oer ús demokrasy, oer de sikehuzen, de skoallen en de wentebou en dat wy wier wat dogge oan it klimaat en it bioferskaat? Hoe soargje wy derfoar dat der better en mear nei ús harke wurdt, dat wer rekken holden wurdt mei it kwetsbere en it lytse?

15 Wy wolle oan dat stribjen stim jaan. Wy ferbine de mienskip fan Fryslân mei de bredere opjeften fan ús wrâld. Net troch opskaling, privatisearing en útbesteging, mar krekt oarsom. Wy wolle globalisearje: de brede wrâldwide útdagingen lokaal oan- en oppakke troch it foech sa ticht mooglik by de minsken te lizzen.

Dêrom is it no tiid foar de FNP!

20 De FNP set him as politike partij yn foar alle ynwenners fan Fryslân, omdat wy yn it foarste plak útgeane fan de belangen fan Fryslân. It giet de FNP derom dat de minsken yn Fryslân sels safolle mooglik te sizzen krije oer harren eigen takomst. Wat út De Haach en Brussel wei op Fryslân ôfkomt moat dêrom ek yn it belang wêze fan Fryslân. De FNP is gjin filiaal fan Haachske partijen en is sadwaande dé partij om foar Fryslân op te kommen.

25 Dat docht de FNP yn gemeenterieden, wetterskipsbestjoer, Provinsjale Steaten, de Earste Keamer fia de Onafhankelijke Senaatsfractie (OSF) en fia de eigen partij Europeeske Frije Alliânsje (EFA) yn it Europeesk Parlemint.

30 Fryslân is gjin eilân. Dêrom stean wy iepen foar gearwurking binnen Nederlân en Europa. Ut dy iepen opstelling wei binne wy ree om ferantwurdlikheid te dragen en mei oaren te besykjen in polityk program om te setten yn bestjoerlike dieden. De ôfrûne acht jier hat de FNP bestjoerlike ferantwurdlikheid droegen yn de Provinsje. Yn hieltyd mear gemeenten nimt de FNP diel oan it kolleezje en kriget de partij hieltyd mear riedsleden. De FNP is sterk bewoartele yn de Fryske mienskip.

De FNP jout stim oan Fryslân, jo ek?

Us ynset: In Krêftige Mienskip en in Libben Lânskip

Fryslân moat foar himsels opkomme mar ek solidêr wêze mei oare gebieten yn en bûten Europa.

5 Fryslân hat in eigen en werkenbere provinsjale oerheid en dêr is de FNP wiis mei. Fryslân, ús provinsje, kin de brêge slaan tusken boarger en bestjoer. Mei in logyske ferhâlding ta de gemeenten en mear eigen foech en sizzenkip as oant no ta.

10 Fryslân moat dus mear as inkeld mar in selsstannige provinsje bliuwe. De Provinsje is net samar in bestjoerlike middenlaach. De Provinsje moat yn de folle breedte noed stean kinne foar de belangen fan syn ynweners. Dy Provinsje moat de minsklike mjitte fan it bestjoer stal jaan. In referindum oer it foech oer de tagonklikens en de sprieding fan sikehuzen en boppegemeentlike soarchynstellingen yn 2022 is dêrta in earste oanset.

15 De kearnkwaliteit fan Fryslân, it lânskip en de romte, dy moat beholden en fersterke wurde. Dat is ús griene goud, dêr't wy hoeden mei omgean moatte, mar ek fan profitearje meie. Gjin nije wynmûnen derby op it lân, de besteande opromje en oanstean op in mear duorsume enerzjywinning dy't te'n goede komt oan minske en miljeu. Wy wolle de ynternasjonale klimaatdoelstellingen helje, mar dan wol as Fryslân stjoer hâlde oer de wize wêrop, sûnder dat it te'n koste giet fan ús lânskip. Tagelyk wolle wy ús bioferskaat behâlde en fuortsterkje, de lânbou sil him omfoarmje moatte ta de motor fan dat bioferskaat.

20 Dêrnjonken hawwe wy fansels ús eigen taal en kultuer. Yn 2018 wiene Ljouwert en Fryslân Kulturele Haadstêd fan Europa. It ferhaal fan Fryslân en syn mienskip hat rûnom klonken. Dêr hawwe wy goud mei yn hannen. Dêrom moat der in ferfolch op komme, benammen wat it plak fan de Fryske mienskip oanbelanget. Dy Fryske mienskip kin net sûnder in krêftige Fryske provinsje.

25 Fryslân is dêrom in provinsje mei potinsje. Mei ús sterke midden- en lytsbedriuw, de rekreaasjesektor en de him fernijende lânbousektor kinne wy yn ekonomysk opsicht de kommende fjouwer jier fierder groeie yn wurkgelegenheid. De Provinsje moat alle war dwaan om de wer opklauwende ekonomy fierder te helpen. Ynwenners wurde stipe mei goede inisjativen. Dêr binne it Iepen Mienskipsfûns en it Waadfûns foar en inisjatyfnimmers wurde holpen om oanfragen yn te tsjinjen. De leefberens yn doarp en wyk moat goed wêze, mei goed iepenbier ferfier en in doarpshûs of wykgebou om inoar te treffen, wêrtocht't elkenien lykweardich meiprofitearje kin.

30 Wy wurkje ús program yn de neikommende haadstikken út. Wy sette útein mei it bestjoer fan Fryslân. Dêrnei ús griene goud, it lânskip en it bioferskaat.

2. Fryslân bestjoert

De leie sels yn hannen!

Fryslân hat yn Nederlân in bysûndere posysje. Mei mear as twatûzen jier skiednis en in sterke identiteit: in eigen taal, kultuer en lânskip. Mei minder as in eigen bestjoerlik hûs kin it dêrom net ta.

5 Mar de trend yn Nederlân is krekt de oare kant út. Grutter, anonimer en ôfstanliker. De skaalfergrutting yn it iepenbier bestjoer, mar ek by de rjochtspraak, it ûnderwiis en by de brânwacht en de plysje, soarget derfoar dat dit oerheidsfoech net mear past by de mienskip, mar der krekt fan ferfrjemdet. Resint hat bygelyks bliken dien dat leafst 70% fan de ynwenners fan Fryslân, Grinslân en Drinte gjin betrouwen mear hat yn it kabinet¹. Boppedat docht dat ûnderstek oan de wurkgelegenheid en de ekonomyske
10 fearkrêft fan Fryslân. Wy wolle dy skaalfergrutting omkeare en de ynfloed fan de gewoane minsken op hoe't der mei fitale oerheidstsjinsten omgien wurdt fergrutsje. Dat komt it betrouwen yn it demokratysk bestel ek te'n goede.

De provinsje Fryslân moat dêrom mei in dúdlike demokratyske legitimaasje, op termyn mear eigen foech en ferantwurdlikheid krije. Wy wolle it eigen bestjoerlike hûs fan Fryslân yngreven ferbouwe: ferstevigje,
15 ferbreedzje en ferbetterje. Dat kin yn ferskate foarmen. It giet derom dat dy ferbouwing gjin doel op himsels is, mar bedoeld is om de ynwenners fan Fryslân safolle mooglik sels stjoer te jaan op harren eigen takomst. De kommende fjouwer jier wolle wy dêrta in earste stap sette. Dat moat in ûnomkearber proses fan desentralisaasje opsmite, dêr't ús eigen Fryske bestjoer mear sichtber troch wurdt en mear te sizzen kriget. Dat proses moat stapke foar stapke en op basis fan diskusje en heldere beslútmominten
20 nommen wurde.

De demokratysk legitimearre sizzenskip oer publike foarsjenningen lykas sikehuzen, skoallen en wenningbouferieningen moat nei de mienskip weromkomme. De berikberens en tagonklikens fan sûnensoarch, folkshúsfêsting en ûnderwiis, dat is in saak fan ús allegearre. Sadat ús sikehûs, ús skoalle en ús omrop ek wier wer fan ús binne, en net fan de managers yn De Haach. Dat kin net inkeld mar oan
25 De Haach oerlitten wurde. Dêrom wol de FNP dat de Provinsje yn de kommende bestjoersperioade in brede diskusje ûnder de Friezen opset. Dy moat liede ta in folksrieplichting oer de fraach oft en hoe't Fryslân en de Friezen mear stjoer krije oer sikehuzen, wenningkorporaasjes en soarchynstellingen. It giet hjir dus om sizzenskip en regy op soarch en wenjen op boppegemeentlik nivo. De fraach dy't neffens ús steld wurde moat yn dit referindum is:

30 'Moat de Fryske boarger mear ynfloed krije op beslútfoarming oangeande sikehúsoarch, boppegemeentlike soarchynstellingen en de folkshúsfêsting?'

As de mearderheid fan de Fryske kiezers dan ja seit, moat it Frysk provinsjaal bestjoer binnen in jier mei De Haach ûnderhannelje oer de fraach hoe't dy gruttere ynfloed stal krije moat. Dêr heart ek in finansjeel statút by dêr't de ôfspraken op jild set wurde.

35

¹ Undersyk Prinsjesdag

Kearntaken fan de Provinsje

De FNP wol in Provinsje dy't ferantwurdlikens en middels fan it Ryk oernimt en oare saken oerlit oan de gemeenten.

5 De keartaken foar Fryslân binne dan ferkear en ferfier, wetter, de Fryske taal en kultuer, natuerbelied, plattelânsbelied, iepenbier ferfier, mineraalwinning, ûnderwiis, kultuer en media en de regy oangeande romtlik en ekonomysk belied (ynklusyf lânbou). Wy fine dat Fryslân dêr mei it Ryk oer yn petear moat om te besjen hoe't Fryslân dy taken oernimme kin. Sa mooglik sil, yn neifolging fan de ynstek mei soarch en folkshúsfêsting, dêroer nei de miening fan de ynwenners fan Fryslân fernommen wurde moatte.

Wy fine dat der in bettere taakferdieling tusken de Provinsje en de gemeenten komme moat.

10 Utgongspunt dêrby binne de hjirboppe neamde keartaken fan de Provinsje. It sosjaal belied, dat de minsken streekrocht oangiet, bliuwt wat de FNP oangiet dêrom út soarte it domein fan de gemeente. Provinsje, Wetterskip en gemeenten moatte mear as ien oerheid wurkje foar de boargers en bedriuwen yn Fryslân. Wy moatte tefoaren komme dat amtlike gearwurking oer de grinzen ta it ferswakjen laat fan it bestjoer fan en troch de Friezen sels. Wy moatte dêrom ta op in eigen Frysk belestingkantoar foar
15 Wetterskip en gemeenten. Provinsje, gemeenten en Wetterskip moatte op amtlik mêd mear en better gearwurkje. Sa kinne kosten besparre wurde en de posysje fan it Frysk yn de amtlike tsjinst yntegraal fuorsterke wurde. Wy hawwe leaver dat it Wetterskip Fryslân streekrocht kwa belied en bestjoer ûnder de Provinsje komt as dat it opgiet yn in Noardlik Wetterskip.

Gearwurking mei oare oerheden

20 Wy wolle op mear terreinen mei mear oerheden gearwurkje, yn Nederlân mar ek dêrbûten. De FNP pleitet foar in aktive gearwurking mei Noard- en East-Fryslân. De FNP wol ek dat Fryslân him aktyf presintearret op plakken dy't polityk of ekonomysk foar ús fan belang binne. Yn De Haach, Brussel en fierder yn it bûtenlân. De FNP tinkt dêrby net allinnich kultureel. It giet der ek om de struktuer fan ús ekonomy troch ynnovaasje, kennisútwikseling en eksportbefoarderding te fersterkjen. Der moat dêrom in
25 permanint en better sichtber plak komme foar de Fryske lobbyaktiviteiten yn De Haach en Brussel.

Noardlike gearwurking is prima as dat in mearwearde betsjut foar Fryslân, mar in bestjoerlike skaalfergrutting nei in Noardlik lânsdiel wize wy perfoarst ôf. Fryslân is de grutste provinsje yn Noardlik Nederlân, mei de measte ynwenners en de sterkste ekonomy. Fryslân hat mear kânsen as problemen. Troch sterk en mei selsbetrouwen mei Grinslân en Drinte gear te wurkjen, kin der mear út de noardlike
30 gearwurking helle wurde.

In eigen plak yn de Earste Keamer

De leden fan Provinsjale Steaten kieze de leden fan de Earste Keamer. De FNP wurket yn de Earste Keamer konstruktif gear mei oare provinsjale partijen yn de Onafhankelijke Senaatsfractie, de OSF. De FNP-steatefraksje sil dêrom op de FNP-kandidaat op de OSF-list stimme. De FNP is fan betinken dat de
35 Earste Keamer de belangen fan Fryslân better behertigje moat.

Aktyf yn Europa

Wy hawwe in iepen opstelling nei de wrâld ta. Wy wolle oer de grinzen sjen fan Fryslân en Nederlân. Dêrom binne wy aktyf foar in sterk, demokratysk en federaal Europa. De ynternasjonale situaasje freget dêr no mear as ea om.

- 5 De FNP fynt dat Europa te wichtich is om oan De Haach oer te litten. Fia de eigen politike partij de Europeeske Frije Alliânsje (EFA) yn it Europeesk Parlemint bringe wy yn Brussel streekrjocht saken yn dy't foar Fryslân en de EU fan belang binne. As wy Europa fierder stal jaan wolle, dan moatte de minsken dêr in flinke stim yn krije. Bygelyks troch de mooglikheid en stim op echte mienskiplike Europeeske partijen, en/of troch Fryslân as ien kiesdistrikt foar it Europeesk Parlemint oan te wizen. Wy sille der yn EFA-ferbân aktyf ta bydrage dat Europa in hûs fan frede bliuwt. As Fryslân mear sizzenkip kriget, wol FNP him oanslute by in gearwurkingsferbân fan tsientallen regio's mei wetjaand foech út hiel Europa. Sa kinne goede praktykfoarbylden en ynspiraasje út oare regio's helle wurde. Dat komt te'n goede oan Fryslân.

- 15 Europeeske gearwurking is net inkeld in saak fan oerheden en fan hjoed, mar ek fan boargers en it ferline. Mear en mear docht bliken dat al yn de iere midsiuwen yntinsyf hannele en gearwurke waard tusken Fryslân en de lannen om en oan de Noardsee en de Eastsee hinne. Sa binne Angelen, Saksen, Juten en Friezen 1600 jier lyn begûn mei de kolonisaasje fan wat no Ingelân is. Dêrmei waard it fûnemint lein fan wat letter de Angelsaksyske kultuer wurden is. De kulturele, histoaryske en politike bannen tusken de Noardseelannen biede wat ús oanbelanget in mooglikheid om Fryslân ynternasjonaal mear en better op 'e kaart te setten. Dêrom moat yn 2022 in grut ynternasjonaal Beowulf-kongres yn Fryslân holden wurde dêr't de âlde en nije ferbannen tusken de minsken om de Noardsee hinne betocht, belibbe en fernijd wurde kinne.

Aksjepunten:

- 25 1) Behâld en fersterking fan de Fryske bestjoerlike ienheid troch mear en bettere gearwurking tusken Provinsje, gemeenten en Wetterskip.
- 2) In folksriepplachting hâlde oer de fraach oft en hoe't Fryslân en de Friezen mear foech en middels krije moatte oer saken dy't de ynwenners streekrjocht reitsje. It giet dêrby om de sprieding en berikberens fan sikehûssoarch, soarchynstellingen en folkshúsfêsting.
- 30 3) It foech oer Fryske taal, kultuer en ûnderwiis mei de middels folslein nei de Provinsje.
- 4) De kontakten en ferbannen mei de oare Fryslannen en oare foar Fryslân wichtige (minderheids)regio's yn Europa sterker oanhelje, opsette en benutte.
- 5) In aktyf bûtenlânsk belied fan Fryslân rjochte op kultuer, kennis en eksportbefoarding.
- 6) Ynset fia de EFA foar in mear demokratysk Europa: stimme oer de grinzen hinne op Europeeske listen en Fryslân in kiesdistrikt yn Europa.
- 35 7) Yn 2022 in ynternasjonaal Beowulf-kongres yn Fryslân om de âlde en nije ferbannen tusken de minsken om de Noardsee hinne te betinken, te belibjen en te fernijen.

3. Us griene goud

Lânbou: in skerpe kar meitsje foar in natuerfreonliker takomst

De transysje nei mear natuerynklyskive lânbou is mei op oanstean fan de FNP yn gong set. Wy wolle dêr de kommende tiid fierder mei gean en de hiele Fryske lânbou omfoarmje nei in duorsume wize fan buorkjen, dy't yn balâns is mei syn omjouwing. Dat betsjut dat no in skerpe kar makke wurde moat om safolle mooglik grûnbûn, biologysk en natuerfreonlik te buorkjen, mei respekt foar de omjouwing. De yntinsive feehâlderij (benammen barga en hinnen) moat yn Fryslân net fierder útwreidzje allinnich romte krije foar omskeakeling nei bistfreonlike of biologyske bedriuwsfiering. It tapassen fan gientechnology wize wy ôf en it brûken fan keunstdong moat tebekkrongen wurde. De wetterpeilen moatte stadich foars omheech brocht wurde om CO₂ te besparjen en om ús greidefûgels te heinen. Yn de feangreide allinnich maisbou tastean sûnder grûnbewurking. Der wurdt hoeden omgien mei bestridingsmiddels.

De Natueropjefte en de Gebietsûntwikkeling: trochsette en ôfmeitsje

Foar ús is de Fryske natuer yn syn hiele hear en fear de kearnkwaliteit fan Fryslân en foar ús mienskip. Dy moatte wy bewarje en dêr meie wy fan genietsje en profitearje. De natuer, dy't foar ús mienskip fan libbensbelang is, moat fierder ferstevige wurde.

De natuer moat wol goed beheard wurde kinne en bliuwe. It behâlden en fersterkjen fan it bioferskaat is dêrby it útgongspunt. De FNP wol dat it behear fan de natuer wêr't dat kin safolle mooglik troch de mienskip sels dien wurdt. It inisjatyf fan ferskate maatskiplike ynstellingen om de natuertaak foar de Provinsje út te fieren stypje wy fan herten.

Agrarysk Natuer- en Lânskipsbehear: weardefol

It Agrarysk Natuerbehear is natuerbehear dat past by ús mienskip, troch de boeren sels. Dat mei net it ferlechje wurde om fierder neat te dwaan, mar moat de motor wurde fan de needsaaklike omskeakeling fan ús lânbou.

Dat moat dan wol op in sadanige wize dat de boeren it ek dwaan wolle. Dat betsjut minder burokrasy, langere kontrakten en in betroubere oerheid. Dat jout op koarte en langere termyn dúdlikheid. Inisjativen om natuerfreonlik buorkjen ek minder ôfhinklik te meitsjen fan subsydzjes (en dus minder kwetsber foar besunigingen) troch in stik fan dy natuertsjinsten werombetelle te krijen fia eigen produkten út 'e merk stypje wy. As bliken docht dat de besteande bioferskaatsdoelen net helle wurde kinne, moat ekstra ynvestearre wurde yn Agrarysk Natuer- en Lânskipsbehear.

Fryslân greidefûgellân

It greidefûgelbelied is foar ús tige wichtich. It fêststelde belied moat liede ta it behâld en it fuortsterkjen fan de populaasjes. As dat net sa is, dan sille wy dêr ekstra stipe oan jaan. It boargerinisjatyf Kening fan de Greide, mar ek de BFWW spylje dêr út soarte in rol yn as it giet om behâld fan maatskiplik draachflak foar us greidefûgels. Gebietskollektiven mei inisjativen 'fan ûnderen op' lykas by de Skriezekrite Idzegea

drage wy ek in waarm hert ta. By it behear fan wetter en lânskip giet de FNP út fan in greidefûgel-freonlike oanpak. Predaasje moat fûl bestriden wurde kinne mei alle mooglike wetlik tastiene middels. Briedmasinen moatte ynset wurde kinne, salang as it boerelân noch ûnfoldwaande werynrjochte is om ús greidefûgelstân op in ferantwurde nivo te bringen en te hâlden.

- 5 It bewust of ûnbewust deameanen fan piken is in griis foar boer en boarger. Bewust deameane fan piken moat straft wurde. Boeren soene yn greidefûgelgebieten net mear by tsjuster meane moatte.

Ferantwurdlik foar de natuer

- 10 It bioferskaat stiet ûnder druk. Skea troch bisten is in weromkommend en tanimmend probleem. Boeren en de natuer hawwe der lêst fan. De jacht is it middel om dêr wat oan te dwaan. Wy wolle besjen oft de muskusrottefangers fan it Wetterskip in bydrage leverje kinne oan it behear fan it natuerlik lykwicht fan it wyld yn Fryslân. De bestriding fan streuperij moat mear prioriteit krije.

- 15 De oanpak fan de winterguozzen oant it nivo dêr't de skea foar boeren én de belestingbeteller akseptabel op is moat foarearst trochset wurde. De boer en it lânskip meie net der net de dupe fan wurde dat de wolf werom is yn Fryslân. Dêrom moat it fergoedzjen fan skea troch wolven trochgean en moat de wolf net keard wurde mei metershege stekken yn it lân.

Duorsume fiskerij

- 20 Yn de Fryske fiskerij hawwe wy de beropsfiskers op it Waad en de Noardsee, de Iselmarfiskers, de binnenfiskers en de sportfiskers. Foar alle fiskerijaktiviteiten jildt dat se duorsum wêze moatte. Dat hâldt yn de fiskpopulaasje yn: lykwicht hâlde of wer tanimme litte. De Iselmarfiskerij sit op in dea spoar. It Ryk, dat de fergunningen ferlient foar de Iselmarfiskerij, mar ek eigener is fan de fiskrjochten, moat der neffens de FNP foar soargje dat fiskers útkocht wurde kinne. Sa kin mei folle minder fiskers oanwurke wurde nei in duorsume fiskerij op de Iselmar.

- 25 De sportfiskers binne yn Fryslân in rekreatyf-toeristyske mar ek in ekonomyske faktor fan belang en fertsjinje beliedsmjittige en praktyske stipe fan de Provinsje. De besteande gearwurking wolle wy dêrta trochsette.

Ynternasjonaal Ferbûn

- 30 Fryslân is ynternasjonaal fan belang, bygelyks op it mêd fan trekfûgels. Mar ek mei ús natuerynklysf buorkjen en agrarysk natuerbehear rinne wy yn de wrâld mei foarop. Yn oare parten fan Europa bestiet ek noed en soarch oer it bioferskaat. De klimaatôfspraken nei oanlieding fan top fan Parys binne hiel bekend. Sokke ôfspraken soene ek makke wurde moatte troch de Feriene Naasjes as it giet om bioferskaat. Fryslân is it plak om dat te dwaan!

Aksjepunten:

- 1) Alle foarmen fan yntinsive feehâlderij moatte op termyn Fryslân út. Dêr is in útstjerbelied needsaaklik foar.
- 2) Fryslân realisearret fia it romtlik belied in grûnbûne feehâlderij troch maksimaal 2,5 GVE de hektare by derogaasje en 1,7 GVE as der gjin derogaasje mear mooglik is. Yndividuele boeren wurde stipe by de omskeakeling.
- 3) Yn de feangreide allinnich maisbou tastean sûnder grûnbewurking.
- 4) Alle war om ús greidefûgels te behâlden: it tefoaren kommen fan it deameanen fan jonge greidefûgelpiken en de bestriding fan de predaasje moatte de heechste prioriteit krije.
- 5) Yn 2020 biedt Fryslân plak oan in ynternasjonale VN-konferinsje oer it behâld fan bioferskaat. Mei de klimaatôfspraken fan Parys as foarbyld moatte der ek ynternasjonale bioferskaatôfspraken makke wurde.
- 6) Om it brûken fan keunstdong op Fryske, Nederlânske en sa mooglik Europeeske skaal werom te kringen, pleitsje foar in fikse miljeuheffing op keunstdong.
- 7) Inisjativen fan kollektiven om it bioferskaat te befoarderjen wurde stipe. Bygelyks: oanlis fan bijelinten, oanplant strewellehagen tusken greiden, oprjochting mienskiplike grientetún, griene dakken en muorren yn de stêd.

4. Fryslân libbet

Ynset foar de mienskip

De FNP is in echte mienskipspartij. Omdat de mienskip – de minsken mei-inoar – de mooglikheden yn him draacht foar ferbining en fernijing, en de stille krêft is efter alle ûntwikkelingen, sa't de minsken dat sels dwaan wolle. Dy krêft komt benammen ta utering yn it omgean mei-inoar en yn de wize, dêr't de minsken op foarinoar opkomme en inoar fersterkje.

Wy wolle dat de Provinsje him sterk makket foar it fersterkjen fan de dwersferbiningen fan de Fryske mienskip. Mienskip is mear as inkeld in optelsom fan yndividuen. De taal en kultuer binne it semint fan de mienskip. Dat wolle wy mear en better weromsjen yn it ûnderwiis, de soarch en it ferienings- en muzyklibben, de sport en de media. Dêrom meie besunigingen fan de Provinsje en yn de oare sektoaren der net ta liede dat de leefberens op 'e doarpen en yn de wiken derop efterút giet. De FNP is fan betinken dat de Provinsje omtinken hawwe moat foar foldwaande berikberens en beskikberens fan soarch- en ûnderwiisinstellingen. Der moat in goede sprieding oer de ferskate regio's yn Fryslân wêze. De Provinsje moat der nei stribje om dy aspekten yn de gearwurkings- en streekagenda's in dúdlik plak te jaan.

Wy gean út fan in iepen maatskippij dy't gastfrij en respektfol mei oare kultueren en libbenswizen omgiet. Nije Friezen, minsken dy't har hjir ta wenjen sette en diel útmeitsje wolle fan de mienskip, moatte ek meidwaan kinne oan de kultuer hjir. Tagelyk moat der ek romte wêze foar elkenien om himsels wêze te kinnen.

Kultuer en legaat Kulturele Haadstêd 2018

It ôfrûne jier wie foar Fryslân in geweldich jier: de Provinsje stie fan de start fan Kulturele Haadstêd ôf yn de skynwerpers fan Europa. Us Fryske mienskip hat him yn syn hiele hear en fear sjen litten en prachtige kânsen kreëarre. It *Ferhaal fan Fryslân* is troch de Fryske mienskip yn syn hiele hear en fear ferteld en der binne nije ferbiningen lein mei de regio's yn Europa, lykas mei de oare Fryslannen. No moatte we lykwols de positive enerzjy behâlde, winsken fersulverje en útrôlje ta in bliuwende neilittenskip, sadat Fryslân ek wat keunst en kultuer oanbelanget takomstbestindich is.

De FNP hie as betingst dat yn de projekten fan KH2018 ek in dúdlik plak wêze moast foar meartaligens, sadat it Frysk in ekstra ympuls krije soe. Dêr is it multymediaprojekt 'Lân fan Taal' foar opset. It sukses fan dat projekt hat der ta laat dat Fryslân him sjen litten hat as it sintrum fan Europeeske meartaligens en dat smakket nei mear!

Wy seagen KH2018 dúdlik as in stimulâns foar de takomst fan taal, keunst en kultuer yn Fryslân. As it giet om de neilittenskip fan KH2018 (*legacy*) dan moat dy benammen de eigen befolking bliuwend aktivearje. Der moat ek bliuwend socht wurde hoe't safolle mooglik keunst en keunstners út Fryslân partisipearje kinne yn nije projekten yn it legacyprogram.

Op útstel fan it Ryk wurdt no wurke oan it opsetten fan kultuerregio's. It seit himsels dat Fryslân sa'n kultuerregio is. Fryslân mei net ûnder Grins skood wurde en in minderwaardige posysje krije. De oanwêzige foarsjenningen yn Fryslân moatte krekt fersterke wurde, tink oan toaniel, dûns en in Frysk filmplatoarm. Dêrneist is der in hiel bloeiende popscene yn Ljouwert en Fryslân, dy't koestere en stipe 5 wurde moat. Tink ek oan alle (muzyk)festivals.

Fryslân hat in tige rike hafabarakultuer. Dy stiet ûnder druk en dy wolle wy sterk hoedzje en noedzje. Wy wolle dat de jeugdorkesten (brassband, fanfare-, harmony- en symfony-) mei provinsjale stipe bestean bliuwe kinne.

It Frysk en de streektalen

10 De Provinsje Fryslân hat troch de nije taalwet en de desintralisaasje mear sizzenkip krigen oer it Frysk. Lykwols, it Frysk komt hieltyd mear ûnder druk te stean. De ôfrûne fjouwer jier is der, yn it ramt fan it Deltaplan Frysk, in soad op priemmen set. De FNP wol no hannen en fuotten jaan oan de útkomsten fan it ûndersyk nei de stân fan saken fan it Frysk. In goede kwaliteit fan it ûnderwiis is dêrby krúsjaal. Yn it foarste plak moat de Fryske taal yn it ûnderwiis 'spegele' wurde oan it Nederlânsk. It provinsjale 15 ûntheffingsbelied moat der op rjochte wêze dat de Fryske en Nederlânske taal gelykwaardich binne mei deselde keardoelen.

Wy pleitsje foar in Educational Board (ûnderwiisstjoergroep), mei in eigen lieding en budzjet, as koördinaasjesintrum. Dêr moatte skoalbestjoeren, boppeskoalske direksjes, de ûnderwiisynspeksje, de pabû en de skoalbegeliedingstsjinst in sit yn krije.

20 De ûntwikkeling fan it taal- en kultuerbelied en it fryskeigene is ien fan de wichtichste kearntaken fan Fryslân. Wy wolle dan ek dat der bliwend ynvestearre wurdt yn organisaasjes as de Fryske Akademy, Tresoar, de Afûk en de Omrop. In eigen folwaardige universiteit foar Fryslân is heechnedich. In universiteit is in ympuls foar de takomst fan ús jongerein en sil in opstap wêze nei mear heechwaardige banen yn ús provinsje.

25 De FNP wol ek dat it taalorgaan DINGtiid in echt Sintrum foar de Fryske taal en kultuer bliuwt, om in effisjinte útfiering fan taalbelied en taalplenning mooglik te meitsjen. It komt no oan op it goed ynfieren fan de nije Taalwet. Dat moat op koarte termyn troch de Provinsje yn oparbeidzjen mei Ryk, gemeenten en oare organisaasjes dien wurde.

30 Ryk en Provinsje moatte soargje dat de Fryske taal en kultuer sa folle mooglik yn alle maatskiplike domeinen konkretisearre en befoardere wurde. Wy wolle dat de ôfspraken dêr't Nederlân mei it Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen foar minderheden foar tekene hat, ek neikommen wurde. De Fryske literatuer, ek yn fernijende foarmen en mei oersettingen moat stipe wurde.

35 De FNP wol dat de Provinsje as ferantwurdlike foar de hiele mienskip fan Fryslân in aktiver stimulearjend en fasilitearjend belied fiert foar it Biltsk, it Stellingwerfsk en de stedstalen. De Provinsje moat besjen oft stipe jûn wurde kin oan it Frysk yn Grinslân (Westhoeke). Dat jildt ek foar de Fryske gemeenten dêr't dy talen brûkt wurde. De mooglikheden wurde besjoen om projekten yn dat ramt oanheakje te litten by it legacyprogram fan Kulturele Haadstêd 2018; Agenda2028.

De digitale wrâld wurdt aloan wichtiger. De tagonklikheid fan dy wrâld mei en yn it Frysk is fan wêzentlik belang foar it fuortbestean fan ús eigen taal. De Provinsje moat der dêrom foar soargje dat Fryslân mei it Frysk mei foaroprint yn de digitale wrâld. Dêrby giet it derom dat, mei de aloan tanimmende krêft en mooglikheden fan kompjûterprogramma's om real-time fertale te kinnen, it Frysk in selde posysje kriget as it Nederlânsk. Der wurdt ek besocht om ynternasjonale e-learningprogramma's lykas Babbel (online language learning) foar it Frysk te ynteressearjen. In tagonklik en aardich middel foar de nije Friezen om ús taal te learen.

Underwiis: kwaliteit en meartaligens

De kwaliteit fan it ûnderwiis is foar ús tige wêzentlik. Lyksa dat goed ûnderwiis foar elkenien beskikber en berikber is. Wy wolle it bêste ûnderwiissysteem fan de wrâld foar Fryslân. Dêr heart foar ús by dat alle bern yn Fryslân de kâns krije om har meartalich te ûntwikkeljen. De meartalige ûntwikkeling, dy't by de twa- en Frysktalige pjutteboartersplakken al úteinset is, moat net ophâlde by de basisskoalle, mar giet fierder, mei in trochgeande line fan it meartalich ûnderwiis fan pjutteboartersplak oant Universiteit. Yn it spesjaal ûnderwiis en middelber beropsûnderwiis moat it Frysk ek brûkt wurde, ek as ynstruksjetaal. Al mear as twahûndert pjutte- en berne-opfangplakken binne mei stipe fan de Provinsje sertifisearre Frysk- of twatalich. De Provinsje moat de latte omheech bringe. Wy wolle berikke dat yn 2023 trijehûndert berne-opfangplakken meartalich binne. Dêrta moat de stifting Frysktalige berne-opfang (SFBO) fasilitearre wurde.

It tal trijetalige basisskoallen, dêr't de trije talen – Nederlânsk, Frysk en Ingelsk – bewust in kwalitatyf goed plak krije, wol de FNP mei faasje fierder útbouwe. It docht bliken dat trijetalige skoallen mei ta de bêsten hearre. Dat moat op termyn de gongbere noarm fan ûnderwiis yn Fryslân wurde, om't se de measte takomstwearde hawwe foar de bern, fine wy. De twatalige skoallen, dy't it Frysk ek as fak en fiertaal ynfierd hawwe en in taalbeliedsplan makke hawwe, dat de kwaliteit fan meartaligens foarop set, wolle wy ek stypje. De Provinsje moat ynsette op kwalitatyf goed ûnderwiis.

Wy wolle dat de keardoelen Frysk lykweardich wurde oan de keardoelen Nederlânsk en dat se ôfstimd wurde op de trochgeande meartalige learline. No't de Provinsje Fryslân sels it foech en de middels foar it Frysk yn it ûnderwiis hat, moat it belied echt fuotten ûnder it gat krije. Wy hawwe berikt dat der in nij evaluaasjesysteem leit mei toetsen. De ûnderwiisynspeksje moat de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk krekt sa hanthavenje as foar it Nederlânsk. Om't bliken dien hat dat de ynspektsjinst net goed oanslút by it ûnderwiis yn Fryslân, moat der in eigen Fryske ûnderwiisynspeksje komme. Dat wol sizze, foar it hiele skoalsysteem. Nei it oerdragen fan it foech oer ûntheffingen fan de keardoelen yn it basisûnderwiis wurdt dat ien fan de folgjende saken dy't oerdroegen wurde oan de Steaten fan Fryslân.

De oplieding foar de dosinten yn it basisûnderwiis moat ek ôfstimd wurde op de meartalige skoallen. Dêrfoar is de trijetalige stream op de pabû in wichtich ûnderdiel. Alle learkrêften yn it basisûnderwiis yn Fryslân hawwe it foech Frysk of wurde dêrta byskoalle. Yn it fuortset ûnderwiis moat yn it lesprogram de meartaligens tapast wurde, dêr't ek meartalich lesmateriaal by brûkt wurdt. De Provinsje moat doelen om it tal meartalige skoallen foar it fuortset ûnderwiis út te wreidzjen nei foaren helje: yn 2025 binne alle skoallen yn Fryslân meartalich. Bern dy't in meartalige ûntwikkeling op de basisskoalle meikrigen hawwe, kinne dan dy learline trochsette.

De FNP sjocht graach dat Ljouwert him noch mear ta in brûzende studintestêd mei ynternasjonale útstrieling ûntwikkelet. Hjir lizze nije kânsen, no't Ljouwert sjen litten hat wêr't it grut yn wêze kin nei it brûzende jier fan Kulturele Haadstêd fan Europa.

- 5 Goed heger ûnderwiis yn Fryslân is fan it aldergrutste belang. Sa spilet NHL Stenden Hegeskoalle mei oare kennisinstellingen as Wetsus, de Fryske Akademy, de Waadakademy en Tresoar in wichtige rol foar de studinten. De FNP stribbet, no't de Campus Fryslân úteinset is, fierder nei de ûntwikkeling ta in eigen universiteit foar Fryslân.

Sport

- 10 Sport en bewegen binne de lêste jierren hieltyd wichtiger wurden foar de mienskip. Dêrby leit it aksint net allinne mear op de ûntspanning. Sportferieningen spylje yn de mienskip in binende rol, mar befoarderje ek dat de minsken sûner libje. De breedtesport foar alle Friezen moat troch de Provinsje aktyf stipe wurde.

- 15 Troch ús topsporters is Fryslân goed op 'e kaart set. Topsport is in posityf fisitekaartsje foar Fryslân. Thialf is wer de reedriderstimpel fan de wrâld: de bêste en de duorsumste. Dêrneist wurdt de iishockeyhal dêr renovearre en by de tiid brocht. Fryske sporten lykas fierljeppen, keatsen, skûtsjesilen en Frysk damjen binne ûnderdiel fan it fryskeigene en moatte troch de Provinsje stipe wurde. De Fryske sporten moatte in plak krije binnen de projekten fan it Legacyprogramma Agenda2028.

Media: Omrop Fryslân en in Frysk mediasintrum

- 20 De Fryske media binne fan grut belang as it giet om it stimulearjen fan It Frysk en de beide streektalen, mar ek fanwegen de kontrôle troch de parse fan de oerheid en it ynformearjen fan de boargers. Njonken de deiblêden, binne radio, telefyzje en ynternet fan grutte wearde.

Omrop Fryslân moat in selsstannige publike stjoerder mei in alsidige en folsleine programmearring yn it Frysk bliuwe. Wy stride foar foldwaande strukturele finansiering om dit mooglik te meitsjen. It Ryk en de Provinsje moatte soargje dat Omrop Fryslân 'ús eigen omrop' bliuwt.

- 25 Wy wol stipe jaan oan in Frysk mediasintrum, dêr't de skriuwendende parse en de Omrop op fernijende wize yn mei-inoar oparbeidzje. Ynternet en moderne sosjale media betsjutte foar de meartaligens yn Fryslân in ekstra ympuls.

- 30 Yn it taalbelied fan de Provinsje stiet, dat de Provinsje sels in wichtige foarbyldfunksje hat by it aktyf brûken fan it Frysk. Wy moatte der aloan op oanstean dat dat mear en better merkber tapast wurdt. Dat jildt lyksa foar de kompetinsje 'Frysk' fan it eigen personiel fan de Provinsje.

Aksjepunten:

- 1) Trochgean mei it suksesfolle Iepen Mienskipfûns. Foar tal fan projekten en inisjativen út de mienskip!
- 2) De digitale ûntsluting fan it Frysk moat yn 2022 op itselde nivo sitte as dat fan it Nederlânsk foar it Ingelsk oer.
- 3) It foech oer de ynrjochting fan it ûnderwiis nei Fryslân foar 2023.
- 4) In provinsjaal spriedingsplan foar foldwaande kwalitatyf basisûnderwiis (berikber en beskikber).
- 5) It tal Frysk- en twatalige pjutteboartersplakken fergrutsje nei 300 yn 2023. Ferdûbeling fan it tal trijetalige skoallen. Ekstra stipe foar twatalige skoallen mei in taalbeliedsplan.
- 6) Tafersjoch op de kwaliteit fan it Frysk as fak en fiertaal troch de ynspeksje.
- 7) Omrop Fryslân stypje as publike stjoerder mei in folsleine programmearring yn it Frysk. Dêrta in budzjet dat nei € 30 miljoen ta giet.
- 8) Stypje dat skoalbestjoerders, skoallieders en learkrêften harren ferantwurdlikheid nimme foar goed ûnderwiis yn it Frysk.
- 9) Fryske sporten bliuwend stypje.
- 10) Der is in ûnôfhinklike organisaasje dy't opkomt foar belangen fan de kliïnten yn de soarch en dy't dêr in basissubsydzje foar kriget (Zorgbelang Fryslân).

5. Fryslân wurket

Perspektyf foar de ekonomy

De Provinsje ynvestearret yn saken dy't de ekonomyske struktuer fan Fryslân effektyf en foar lange tiid oantoanber sterker meitsje. Lykas universitêr ûndersyk en opliedingen, de Dairy Campus, it World Trade Center (WTC) en Wetsus dêr't de eksport oer de hiele wrâld mei befoardere wurdt. Ljouwert hâldt as haadstêd fan Fryslân spesjaal omtinken, net allinnich as ekonomyske motor, mar ek mei de wettercampus en de Fryske kultuerynstellingen dy't hjir fêstige binne. It is wichtich dat de hegeskoallen en de oare publike ynstellingen hjir mei harren direksjes en bestjoeren bliuwe. De besteande klusters ('hot spots') fan wettertechnology, skips- en jachtbou, metaal en agraryske wittenskip wol de FNP fierder stimulearje. De sektor wettertechnology kin by langjierrige finansiering bygelyks trochgroeie nei 3500-4000 heechwaardige banen yn Fryslân!

De Provinsje moat geunstige betingsten skeppe, stimulearje en oanjeie mar net sels streekrjocht dielnimme yn bedriuwen. Dat moatte kommersjele ynvestearders of ferbûne partijen lykas de Fryske ûntwikkelingsmaatskippij dwaan. It oanbestegingsbelied moat sa ynrjochte wurde dat lokale en regionale bedriuwen folop de kâns krije om yn te skriuwen op opdrachten fan Provinsje en oare oerheden. De FNP wol dat mear ynvestearre wurdt yn de bern en jongerein. It is ek in provinsjaal belang dat jongelju hjir in takomst hawwe en dat de Provinsje him ynset om jonge minsken perspektyf en in takomst te jaan. Dêrom pleitet de FNP net allinne foar it stimulearjen fan de kennisekonomy, mar wol ek mei klam dat de Provinsje him sterk makket foar it stimulearjen fan de ambachtsekonomy. Technysk fakmanskip is foar de Fryske mienskip en de ûntwikkeling fan ús ekonomyske basis fan grutte wearde; tal fan jongeren moatte dêr harren wurk yn fine. Bedriuwslibben (MKB) en ûnderwiis sille dêrby folle better opinoar oanslute moatte.

Wy wolle de wurkgelegenheid en leefberens op it plattelân neffens aard en skaal befoarderje. In goede ICT-ynfrastruktuer mei glêsfazel as nutsfoarsjening kin dat mei mooglik meitsje. Dat is ek fan belang foar de soarch fan de takomst. It gebietersjochte plattelânsbelied dat de Provinsje fiert is wat de FNP oangiet in foarbyld fan hoe't it fierder moat.

De agraryske sektor stiet de kommende tiid foar in grutte opjefte. Oan de iene kant binne der tal fan mooglikheden ta groei. Fryslân kin de wite motor fan de Europeeske suvel wurde. Oan de oare kant sil oan strange betingsten foldien wurde moatte wat miljeu en it lânskip oanbelanget. Wy stypje de groei fan de agraryske sektor binnen dy rânebetingsten. Wy bliuwe oanstean op fernijing en ferbreiding, sadat in goede ferfrissing fan in sûne bedriuwsfiering mei omtinken foar miljeu, bistfreonlikens en lânskip ûntstiet. Sa kin bygelyks troch ynset op in sletten grûnbûne omrin fan dong en oare stoffen binnen de eigen regio ek yn de 'gongbere' lânbou grutte slaggen makke wurde foar it miljeu. De FNP stipet de biologyske lânbou.

Wat de wurkgelegenheid yn de oerheidssektor oangiet hat Fryslân rjocht op in evenredich part fan de ryksbanen, salang't saken noch net desintralearre binne nei de Provinsje Fryslân sels.

Kwaliteit foar rekreaasje en toerisme

Rekreaasje en toerisme binne in wichtige sektor foar de Fryske ekonomy mei alle jierren in omset fan sawat € 1 miljard en 20.000 banen. Der is ek op dat mêd ferlet fan mear kwaliteit om oan de winsken fan de toerist te foldwaan. De Provinsje stimulearret dêrom kwaliteitsferbettering en fasiliteiten foar de lytsskalige ferbliuwsrekreaasje (campers, boerecampings). De Stinaf-regeling foar stipe oan MKB-ûndernimmers is suksesfol en bliuwt dêrom bestean as it oan de FNP leit. Mooglikheden foar seizoensferlinging, nije aktiviteiten en ynnovaasje yn it toeristysk oanbod wurde ek stimulearre. It ferskaat oan gebieten yn Fryslân hat in soad te bieden. Dus ek omtinken foar bygelyks Gaasterlân, de binnenstêden, de eilannen en súdeast Fryslân. Mar ek wrâlderfgoed it Waad, it Woudagemaal en de twa Fryske nasjonale parken (Alde Feanen en Skiermuontseach) en de beide Fryske nasjonale lânskippen (Súdwest Fryslân en de Noardlike Fryske Wâlden).

Gjin grutskalige ûntwikkeling fan rekreaasjeparken yn it iepen lânskip. Wy moatte de hin mei de gouden aaien fan rêst en romte net sels slachtsje.

Algemeene promoasje, regiomarketing en stipe (ek wer rjochte op kwaliteit) fan Stichting Merk Fryslân hâldt de stipe fan de Provinsje en kriget in plus om it toerisme nei LF2018 fêst te hâlden. De Provinsje giet ek troch mei it útbouwen fan toerisme fia de Marrekrite en it stypjen fan de VVV's, de toeristyske ynfopunten en de regiomarketingorganisaasjes.

De de slûzen fan de Ofslútdyk moatte ferbrede wurde, foar de wettersport mar ek foar de wurkgelegenheid by de jachtwerven. Rekreative rûten en basisfoarsjenningen, bygelyks foar fytsen, kuijerjen en farren, foldogge oan de ferwachtingen dy't de toerist dêroan stelt. Goed ûnderhâld en geregeld baggerjen is dêrom wichtich.

Ferkear: kosten en baten

Grutte nije provinsjale ynfastruktuer is net nedich. Inkeld as de al besteande ynfastruktuer net foldocht oan lanlike noarmen op it mêd fan feiligens óf noarmen fan de mienskip wurdt dy oanpast en ferbettere. Betingst dêrby is dat de brûkers en de omwenners der ek echt op foarútgeane.

Kosten fan takomstich behear en ûnderhâld wage dêr swier yn mei. Alle asfalt dat no lein wurdt, moatte we yn de takomst ek ûnderhâlde. De ôfwaging mei romtebeslach en lânskip by ynfastruktuer is fan grut belang.

Wy binne in foarstanner fan in folweardige maatskiplike koste-bate-analyse foardat der besluten falle oer grutte en djoere yngrepen. In inkelde kear is der in grut ekonomysk belang foar Fryslân dat in provinsjale bydrage oan ryksynfastruktuer rjochtfeardiget.

It ferhúzjen fan in pear bedriuwen nei in gaadliker plak kin in oantreklik alternatyf wêze foar it oanlizzen fan kompleet nije diken of farwegen. Wy wolle goed omtinken foar de feiligens op de farwegen yn Fryslân, benammen yn situaasjes dêr't berops- en rekreaasjefarwegen inoar treffe. De yntegrale beliedsfyzje op it behear en gebrûk fan berops- en rekreaasjefarwegen dy't der komme soe, wurdt de kommende perioade oan de Steaten foarlein. Sa wurdt tefoaren kommen dat hieltyd djoere besluten nommen wurde op basis fan ynsidinten of winsken foar yndividuele farwegen sûnder dat it gehiel oersjoen wurdt.

Nije ynfraprojekten moatte net te'n koste gean fan de ûntsluting fan de doarpen. De FNP bliuwt foar in aktyf provinsjaal fytsbelied en wol dat de âlde fytsnotysje út 2005 by de tiid brocht wurdt. Tagelyk wolle wy ek mear omtinken foar kuierpaden, lykas tsjerke- en boerelânpaden. Feiligens en sosjale ferbingingen tusken doarpen en wiken, bygelyks foar skoalbern, krije neist de kapasiteit fan wegen dêrom mear klam wat de FNP oangiet. De FNP sil him hurd meitsje foar de ferkearsfeiligens troch in goede (wer)ynrjochting fan wegen, bygelyks mei in dúdlike belining en middelline. Fierder mei frijlizzende fytspaden en parallelwegen. Dat is ek fan belang foar it tanimmend tal minsken mei in elektryske fyts. Fytsferkear kin mei soargje foar de berikberens en leefberens fan stêden en plattelân en dat koesterje wy. By nije rotonden of de werynrjochting dêrfan kriget de fyts neffens de CROW-rjochtlinen foarrang op de auto op provinsjale diken. De problematyk fan it grutte lânbouferkear hâldt provinsjaal omtinken. Fanwege de feiligens moatte wy derop ta dat it reau fan boeren, leanbedriuwen, ferfierders ensafuorthinne net noch grutter wurdt, mar besykje dat te beheinen op Nederlânsk- en leafst ek Europeesk mêd.

Iepenbier Ferfier ferbetterje

De FNP stiet foar in foar elkenien tagonklik iepenbier ferfier (OV). De kommende tiid sil der spanning komme op it beskikbere jild foar de nije oanbesteging fan it busferfier fan 2022 ôf, de duorsumheidseasken en de berikberens fan it plattelân. Foar de FNP is útgongspunt dat ús doarpen goed berikber bliuwe moatte mei it OV. De FNP is dan ek ree om dêr yn de begrutting plak foar yn te romjen.

De treinferbining tusken Ljouwert en de rest fan it lân moat flink ferbettere wurde. Der ride no fjouwer treinen yn de oere, mar de treinreis nei de Rânestêd duorret noch hieltyd fierstente lang. Fryslân moat trochgean om by De Haach oan te stean op in yntegrale oanlis fan it ERTMS-feilichheidssysteem, sadat treinen 200 km de oere ride kinne. De Provinsje moat der by it regear op oanstean dat de besteande konsesje fan de NS op it haadrailnet fan 2025 iepenbier en Europeesk oanbestege wurdt. As oare treinmaatskippijen in bettere tsjinstregeling foar de reizgers biede, moatte dy de NS ferfange kinne. Spoarferbingingen yn Fryslân moatte beholden bliuwe en leafst útboud. Lokale treinen binne fan grut belang foar it gewoane reizgjen, mar se binne ek in grutte pree foar it fytsferkear. Fytsen meie nammentlik net yn de bus.

De ynset foar ús eigen provinsje moat wêze dat de leefberens en sosjale taak fan it iepenbier ferfier op it plattelân yn 'e mande mei de gemeenten befoardere wurdt. Bygelyks troch yntegraasje mei buertbussen, Wmo- en learlingeferfier yn saneamde mobiliteitssintrales.

Fryslân moat better oansletten wurde op de Europeeske ferfiersstreamen, mei buslinen, spoarlinen en troch de loft. De berikberens fan Ljouwert as spoarknooppunt fan Fryslân wurdt wat de FNP oangiet fierder útboud. It ferfangen fan de spoarbrêge oer it Van Harinxmakanaal troch in spoarakwadukt is dêr needsaklik foar. Fierdere ferdûbeling en elektrifikaasje fan it spoar nei Grins heart dêr ek by. En dan oer it ferbettere spoar in trochgeande trein fia Grins en Oldenburg nei Bremen en Hamburg ride litte.

In goede berikberens fan ús waadeilannen foar bewenner en toerist mei net (mear) yn gefaar komme. De provinsje Fryslân moat dêrom it konsesjefoer foar de waadfeartsjinsten fan it Ryk oernimme. De betingst dy't de FNP stelt is wol dat der foldwaande jild mei komt.

Aksjepunten:

- 1) Stipe en omtinken fan de Provinsje foar Hegeskoallen, universitêre stúdzjes, WTC, Wetsus, Exportclub Fryslân en oare ynstellingem yn Fryslân dy't de struktuer fan ús ekonomy troch ûnderwiis en eksportbefoarding ferstevigje. Langjierrige finansiering foar de kontinuïteit fan Wetsus en de wetterkampus-partijen is dêrby fan it grutste belang.
- 2) Stipe foar folslein breedbânynترنت foar it plattelân yn 2023 en de gebiertsrjochte plattelânsûntwikkeling.
- 3) By provinsjale subsydzjes benammen projekten 'fan ûnderen op' befoarderje. En goede begelieding om bedriuwen en organisaasjes te helpen mei minskkrêft of stipe fia bygelyks 'YnBusiness', kennis oer eksport, bedriuwûntwikkeling en ynnovaasje fia 'vouchers'.
- 4) It nei Fryslân heljen fan research om út lânbouprodukten ferfangers fan nitraten en fosfaten te winnen.
- 5) Trochgean mei earlike hannel. Fryslân is 'Fairtrade-provinsje' en dêr wolle wy mei fierder. By de produksje en hannel rekken hâlde mei minskerjochten, miljeu en de tredde wrâld!
- 6) Yntegraasje fan rekreaasje en toerisme mei oare aktiviteiten op it plattelân; gjin grutskalige projekten yn de iepen romte. Omtinken yn de marketing foar 'it oare Fryslân' neist de wettersport. Folop ynsette op de neilittenskip fan KH2018 foar in bliuwend effekt op rekreaasje en toerisme.
- 7) In folweardige maatskiplike koste-bate-analyze foarôf by grutte ynfraprojekten.
- 8) De spoarferbiningen fan en nei Fryslân fierder optimalisearje, feiliger en flugger. Dat jildt ek foar de lokale spoarferbiningen yn Fryslân.
- 9) Farwei troch de Alde Feanen net opwurdearje foar grutte skippen Klasse Va.
- 10) Realisaasje fan in nije slûs en brêge by Koarnwertersân foar 2022
- 11) By oanbestegingen yn Fryslân de betingsten sadanich regelje dat it lokale en regionale bedriuwslibben ek gading meitsje kin.
- 12) De brêge oer de Skarsterrien ferfange troch in akwadukt (A6).
- 13) Rom baan foar it fytsferkear, mei stimulearjende maatregels yn in nije fytsnota.
- 14) De feartsjinsten nei de waadeilannen yn in provinsjale konsesje ûnderbringe.
- 15) Lânbouferkear safolle mooglik skiede fan it oare ferkear.

6. Fryslân wennet

De kwaliteit fan de romte

Fryslân is de moaiste provinsje fan Nederlân. En dat wolle wy sa hâlde! Us útgongspunt yn it romtlik belied is dat ûntwikkeling mooglik wêze moat as dy past by aard en skaal fan de besteande omjouwing.

5 Wy wolle de Fryske romte doelmjittich benutte en it fergriemen en fersnipperjen fan romte tsjingeane. Dêrom gjin nije yndustryterreinen as der gjin konkreet ferlet is en op oare plakken yn deselde regio noch romte is. It opknappen fan besteande bedriuweterreinen moat trochset en oantreklik makke wurde. By it ûnderbouwen fan plannen moat rekken holden wurde mei dat wat der al is, lykas bebouwing en ynfrastruktuer, mar ek nei de mooglikheden sjen om funksjes te kombinearjen en romtegebrûk sirkulêr te meitsjen. De FNP is fanwegen de grutte oanslach op it lânskip foar it opromjen fan de solitêre wynturbinen, en wol perfoarst gjin nije wynturbinen op lân hawwe.

15 Wy sette ús yn foar it behâld fan byldbepalende wenhuzen, pleatsen, tsjerken, lânskipseleminten en oar ûnreplik erfgoed. In nije bestimming dy't past yn de omjouwing hat dêrby ús foarkar. Tsjusterens by nacht is in kearnwearde foar de kwaliteit fan ús libbensomjouwing. Yn it belied foar bygelyks stâlen, bedriuwsgebouwen, glêstúnbou, strjitferljochting en reklame wol de FNP fan ljochthinder in swierder punt meitsje.

Krimp yn de regio

20 Krimp fan de befolking, fergrizing en it ferhúzjen fan de jeugd nei de stêd is yn beskate regio's in gevegen. No't de wentemerke oanlûkt, sille doarpen en gemeenten mear mooglikheden krije moatte om te bouwen neffens it ferlet. Der is ferlet fan wenten dy't in libben lang meikinne, of tydlike wenten foar jongerein of âlderein dy't soarch nedich hat. Yn dat ramt moat ek omtinken komme foar selsfoarsjennende 'tiny houses' op tsjillen. Dy ha allinnich ferlet fan in steanplak. Gemeenten moatte dêr wol de romte ta biede. Sa'n steanplak hoecht net permanint te wêzen. Der is altiten wol earne in hoekje dat noch in jier of langer leit te wachtsjen op in bestimming. Der is ek ferlet fan betelbere huzen foar jongelju dy't bewust kieze om mei harren húshâlding op de doarpen te wenjen. Dêrom is it fan belang dat it wenjen en de krimp op regionaal nivo besjoen wurde. Leare fan dúdlike ûnderfiningen út oare krimpregio's hat de foarkar boppe it betinken fan nije eksperimintele maatregels. De Provinsje mei gjin belied fêststelle dat de krimp oanjaget. Dêrom safolle mooglik de leefberens op it plattelân yn stân hâlde mei wurk, soarch, doarpshuzen, sportferieningen en passende ynfrastruktuer. Der wurdt útsocht oft it mooglik is dat jongelju, dy't bewust kieze foar wenjen yn eigen doarp en omkriten, by foarrang dêrta de kâns krije. Dat fereasket nije regeljouwing by tawizing fan sawol sosjale hier as beskikbere en betelbere boukavels yn de doarpen. Tydlike wurknimmers lizze yn guon doarpen beslach op betelbere wenten. Dat befoarderet de leefberens net. De FNP wol dêrom meiwurkje oan kwalitatyf goede húsfêsting foar dy doelgroep yn it bûtengebied of by de wurkjouwer op it hiem.

35

Wenbelied werom nei de maatskiplike taak

5 It wenbelied moat troch Fryslân sels regele wurde. Haachske maatregels oangeande wentebouferieningen, lykas de ferhierdersheffing en de saneamde sanearringsstipe pakke foar Fryslân tige ûnfoardielich út. Wy wolle dat ús wentebouferieningen mear finansjele earmslach krije en harren haadtaak, it bouwen fan foldwaande goedkeapere hierwenten, wer mei faasje trochsette kinne.

10 Dat kin net sûnder de ynbring fan saakkundige partijen as gemeenten, wenningboukorporaasjes, makelers, ynvestearders en boubedriuwen. Wy wolle dat de Provinsje de wenningstichtingen wer werom bringt nei harren sosjale taak: it bouwen en behearen fan sosjale wenten. Dêrta moatte de lokale folksfertsjintwurdigers wer in stim yn de bestjoeren krije. Yn it ramt fan steds- en doarpsfernijing moatte korporaasjes mooglikheden krije om keapwenningen en lytsskalige aktiviteiten te realisearjen.

Lokale foarsjenningen

15 De tanommen (auto)mobiliteit fan minsken betsjut ek dat net alle foarsjenningen mear oeral hoege te wêzen. Ekonomysk kin dat ek net mear. De skaalfergrutting hat hjir ek syn beslach krige. De kwaliteit fan dy foarsjenningen wurdt nammerste mear fan grut belang. De minsken easkje ek mear as foarhinne. Wenkwaliteit en kwaliteit fan de foarsjenningen lykas ûnderwiis bepale sa de leefberheid fan it plattelân. Doarpshuzen en projekten fan de lokale mienskippen spylje dêr in fitale rol yn. De FNP wol dat doarpen en streken dêrom bliuwend stipe wurde troch de Provinsje.

Omjouwing – streekaginda's

20 By de ynrjochting fan de fysike libbensromte moat achtslein wurde op skaal en werkenberens fan gebieten, hoe grut de opjeften ek binne. De FNP hechtet oan behâld fan de minsklike maat en oan identiteit fan it lânskip. De FNP wol mear subsidiariteit op it mêd fan de romtlike oardering, wêrby't de romte foar ûntwikkeling mear fan ûnderen op en gebietsrjochte ynfolle wurdt.

Yn 'e mande mei gemeente en ynwenners wurde ambysjes en doelen regio foar regio bepaald sadat der maatwurk levere wurde kin.

25 Detailhannel

30 It digitaal winkeljen en demografyske feroaringen hawwe grutte gefolgen foar de detailhannel. Dat giet te'n koste fan it ferskaat en kwaliteit fan de winkelgebieten. De Fryske binnenstêden moatte dêrom ta op kompakte kearnwinkelgebieten, sadat se oantreklik bliuwe foar ynwenners en toeristen. It Ryk moat dêr fiskale fasiliteiten beskikber foar stelle, de Provinsje moat dy ûntwikkeling nei kompaktere winkelgebieten aktyf fasilitearje. Gjin nije grutskalige detailhannel-plaza's oan de râne fan de stêd, seit de FNP.

Aksjepunten:

- 1) Gjin nije wynturbinen op it fêstelân, besteande wynturbinen opromje en stribje nei in wynturbinefrij Fryslân.
- 2) Opknappen besteande bedriuweterreinen hat prioriteit boppe oanlis fan nije; altyd sjen nei it
5 konkret ferlet en de noch beskikbere romte yn deselde regio (de saneamde SER-ljedder).
- 3) Folkshúsfêsting moat in saak fan de Friezen sels wurde, sadat boud wurdt neffens it ferlet mar ek yn balâns mei de besteande wenningmerk yn de streek.
- 4) Romte yn bestimmingsplannen foar tydlik wenjen op eigen hiem foar jongerein of
(mantel)soarch.
- 10 5) Der moat in fûns komme tsjin it fertutearzjen en ferkrotsjen fan doarpen en wenwiken. It provinsjale "Rotte kiezen project" moat nij libben ynblaasd wurde.
- 6) Fan ljochthinder in swierder punt meitsje yn it romtlik belied.
- 7) Gjin megawinkels oan de râne fan de stêden. In ûntwikkeling nei kompakte winkelsintra moat befoardere wurde.
- 15 8) De doarpshuzeregeling moat trochset wurde mei mear omtinken foar it ferlet by de mienskip.
- 9) Yn it belang fan it bioferskaat en de kultuerhistoarje, moat behâld en it werombringen fan de autentike lânskippen en lânskipseleminten in wichtich ûnderdiel útmeitsje fan de streekaginda's.
- 10) Fryslân makket him sterk en smyt him op foar it proeftúnprojekt 'Folkshúsfesting regionaal, maatwurk op skaal'.

20

7. Fryslân duorsum

Duorsum betsjut foar de FNP dat it ferlet fan hjoed net te'n koste gean mei fan it ferlet fan de takomstige generaasje en dat lânskip en boaiem sa min mooglik skeind wurde meie. It is fan it grutste belang foar dizze en de kommende generaasjes dat wy Fryslân sa ûnôfhinklik mooglik meitsje fan fossile brânstoffen, ymportearre of út eigen boaiem. Minder enerzjy ferbrûke, mear enerzjy sels lokaal winne.

Romte foar lokale mienskip; lânskip; libbensomjouwing

Wy wolle dat Fryslân in eigen langetermynplan foar duorsume enerzjy ûntwikkelet dat rjocht docht oan de lokale situaasje en droegen wurdt troch de mienskip. Lânskip en libbensomjouwing wurde yn dat belied net ûndergeskikt makke oan koartetermyngewin. Boppe-al moat it plan útgean fan it eigen enerzjyferbrûk. Fryslân kin foarop rinne by it benutten fan ierdwaarmte, blue-enerzjy, eb en floed, ferbettere foarmen fan biogas, brânstofsellen en waarmtekrêftkeppeling, mar ek by effisjinte maatregels foar it besparjen fan enerzjy. Yn dat belied is perfoarst gjin plak foar skalygas, CO₂-opslach of kearnenerzjy. Fryslân moat sels it foech hawwe oer de útfiering fan dat plan. Lanlike regeljouwing dy't dy omslach tsjinwurket moat oanpakt wurde. Foarbylden binne de omtrint folsleine frijstelling op enerzjy-belêsting foar grutferbrûkers en it kearen fan inisjativen troch swiere easken te stellen oan eigen oandiel yn, en gearstalling fan oankochte enerzjy.

Enerzjy: alternativen foar wynturbinen

It provinsjebestjoer moat ferstannich en selsbewust omgean mei alternative enerzjywinningmetoaden en dy ynsette foar de belangen fan de Friezen en net foar dy fan De Haach. De FNP wol dat Fryslân foar syn enerzjytransysje útgiet fan it eigen enerzjyferbrûk. Berekkeningen hawwe oantoand dat Fryslân op termyn (2050) selsfoarsjennend wurde kin mei enerzjy. Dêrfoar is it net nedich dat noch mear wynturbinen op it fêstelân komme as wat al ôfpraat is. Dêrom gjin ekstra wyn op lân boppe de 530,5MW dy't ôfpraat is foar wynenerzjy mei De Haach. Dat jildt foar alle foarmen.

Der meie gjin nije foarmen fan earmoede komme troch de enerzjytransysje. Dêrom wol de FNP dat subsydje foar transysje en besparingen maksimaal nei boargers en enerzjykoöperaasjes ta giet. Doarpen kinne ek partisipearje yn it Wypark fan de Iselmar. De feroaringen yn de ynfrastuktuer moatte dêrom safolle mooglik op kosten komme fan de distribúsje-organisaasjes (Liander, Tennet) sels, dy't dêrta al grutte reserves opboud hawwe.

Yn Fryslân binne der hiele grutte mooglikheden mei geotermie. Mar leafst 25% fan it enerzjyferbrûk kin op termyn mei geotermie (ierdwaarmte) wûn wurde. De FNP wol dêrom dat Fryslân foarop rint mei geotermie.

In oar alternatyf, biofergêsters, is allinnich akseptabel as it oantoanber sirkulêr is en yn te passen yn it lânskip. Dêrom wol de FNP gjin ko-fergêsters. It ferminderjen fan de enerzjykonsumpsje moat stimulearre wurde mei passende maatregels.

Om de Fryske enerzjyplannen yn gong te setten wol de FNP in eigen Fryske 'taskforce' (wurkgroep) as tsjinwicht tsjin de Haachske plannen.

Der moat aktyf belied komme foar it better benutten fan it dakoerflak fan stâlen en loadsen foar sinnepanielen. Dat jildt ek foar de dakken fan bedriuwgebouwen op yndustryterreinen en foar platte dakken op skoallen en sporthallen. De saldearringsregelingen moatte dêrop oanpast wurde, sadat boargers dy dakken yn stee fan harren eigen dakken brûke kinne. Asbestdakken kinne mei subsydzje 5 ferfongen wurde troch sinnepanielen: asbest derôf, sinnepanielen derop. Sinnepanielparken binne foar de FNP besprekber as de oanbelangjende mienskip dêrom freget en der draachflak foar is. De FNP wol dat inisjativen foar in tal grutte sinneparken by de fleanbasis Ljouwert dy't út de mienskip wei foardroegen wurde, de meiwurking fan de Provinsje krije.

Kringloop by oare grûnstoffen

10 De FNP sjocht it prinsipe fan Widze ta widze ('*Cradle to cradle*') as liedend foar de takomst. Oftanke materialen net as ôffal behannelje mar brûke as grûnstof foar wat nijs. Dat begjint foar de FNP by it keapedrach fan konsuminten. Yn Fryslân, mar foaral ek yn Europa, sil de fraach nei duorsume Fryske 15 produkten allinnich mar tanimme. Aktive promoasje fan de kwaliteiten fan Fryske produkten is dêrby it biedwurd. De provinsje Fryslân rint dêr aktyf by foarop, as it oan ús leit mei in top 3-posysje yn Europa. Dat is ûnder mear fan belang om't tal fan seldsume metalen en oare grûnstoffen hurd op reitsje.

Ofprate regeljouwing foar earlike produksje, stank-, lûd- en ljochtoerlêst moat hanthavene wurde en, wêr't de mienskip derom freget, oanskerpe wurde. It is needsaaklik dat Fryslân syn eigen miljeutsjinst FUMO behâldt. De FNP wol trochgean mei it kritysk folgjen fan de útstjit fan de ôffalûne REC yn Harns.

20 Bewiislêst fan skea troch gas-, sâlt- en sânwinning moat yn de Mynbouwet omkeard wurde, sadat de gewoane boarger dy't skea hat makliker syn rjocht helje kin. Skea oan seediken as gefolch fan sâltwinning moat op foarhân ôfdutsen wurde en der moat foarôf in ferplichte nulmjitting útfierd wurde om de skea oan gebouwen letter oantoane te kinnen.

Sûn wetter en drûge fuotten

Op tal fan plakken by de Fryske waadkust del foldogge de seediken net mear oan de feilichheidseasken. 25 It liket derop dat in tin befolke gebiet, in lytser ekonomysk belang en de hege kosten dêrmei te krijen hawwe. Lykwols der is oan Fryslân tasein dat net ien der kwa feiligens op efterút gean soe. It opknappen fan de seediken mei net langer útsteld wurde. Drûge fuotten is in nasjonaal feilichheidsbelang. De oare provinsjes moatte dêr solidêr oan meibetelje.

De seediken wurde wat de FNP oangiet net binnendyks ferbrede mar bûtendyks fanwegen it 30 romtebeslach oan de binnenkant. Wêr't dat mooglik is wurdt ek gebrûk makke fan de kwelder as buffer om de weagen te brekken. De Provinsje moat der yn oerlis mei it Ryk nei stribje om ynnovative ferbetteringsmetoaden nei Fryslân ta te heljen. Lykas it oanlizzen fan nije kwelders yn stee fan allinnich asfaltdiken ('bouwe mei de natuer').

Wetterbehear kritysk hifkje

Klimaatferoaring, mear rivierwetter en boaiemdelgong binne reden om it wetterbehear kritysk te besjen. In grut en djoer gemaal op Lauwerseach is foarearst net nedich, mar de FNP wol dat der wol nei (goedkeapere) alternativen foar de útwettering sjoen wurdt. Binnendyks binne hegere boezem-
5 wetterkearingen allinnich net foldwaande. Om genôch wetter fêst te hâlden moat der mear kapasiteit yn de boezem en de polders sels brûkt wurde. Yn drûge simmers moat der genôch swiet wetter foar de lân- en túnbou beskikber wêze. De grûnwetterstân moat ek op peil bliuwe. Wy wolle dat de Provinsje derfoar soarget dat de ôfspraken út it lanlik Deltaprogram oer de feiligens fan de seediken neikommen wurde. De FNP wol gjin ûnnedige peilferheging fan de Iselmar. As bliken docht dat ferheging nedich is om better
10 wurkje te kinnen oan in klimaatbestindich wettersysteem, dan moatte neidielige gefolgen ôfdwaande mitigearre of kompensearre wurde.

Yn perioaden fan froast soarget de Provinsje foar goede ôfspraken mei it Wetterskip, dat meallen gjin skea docht oan in goede en feilige iisflinter.

Gebrûk fan minder keunstdong, jarre en weake stront en bestridingsmiddels, maatregels tsjin it minder
15 útspielen fan mineralen yn wetter en boaiem, en lyksa de oergong nei biologyske of sletten krinloop-bedriuwsfiering (grûnbûn) yn de lânbou, ferbetterje de wetterkwaliteit en stypje it bioferskaat.

It wetterbehear moat yntegraal dien wurde mei omtinken foar oare belangen lykas natuer, kultuer-
histoarje, enerzjy, ekonomy en rekreaasje. Om dy reden kin der gjin sprake fan wêze om fan de
20 Greidhoeke ien grut peilfek te meitsjen, âlde slinken rjocht te lûken en alle opfearten ôf te damjen. It projekt Holwert oan See is yn it ramt fan yntegraal belied in prachtige kâns foar noardeast Fryslân dat de FNP graach realisearje wol. In kombinaasje fan wetterbehear, natuer, rekreaasje en kultuerhistoarje. Lyksa soe der in yntegraal plan foar de Ofslútdyk komme moatte mei dyselde aspekten, ynklusyf enerzjywinning.

Feangreide en maatskiplike kosten

25 De Feangreide is in wichtich ûnderdiel foar de Fryske Mienskip, sawol ekonomysk as foar it bioferskaat.

It is wol dúdlik dat djipteútwettering en oare yntinsivearring fan it greidebehear, mei oarsaak binne fan it tebekrinnen fan de greidefûgelpopulaasje. Dêrom moat, miskien ynearsten foaral yn it feangreidegebiet, it grûnwetter nei in heger peil werombrocht wurde. Sjoen de ferskillende grûnslaggen yn it feangreidegebiet easket dat maatwurk. Betingst is dan wol dat de feehâlderij de kâns kriget him oan
30 te passen yn dy gebieten. Tagelyk sil de Provinsje betingsten stelle moatte dy't dúdlikens biede en rjochting jouwe. Wat dat oanbelanget fynt de FNP dat de wetterpeilen yn de feangreide yn 2030 op 40 sm NAP sitte moatte. Yn de feangreide allinnich maisbou tastean sûnder grûnbewurking.

De maatskiplike kosten fan it buorkjen yn de Lege Midden binne hast net mear op te bringen. De skea
35 troch boaiemdelgong en djipútwettering is ûnomkearber. Yn de djipste polders moat dêrom mear romte komme foar wetter, wiete natuer of wetteropfang. In dynamysk peilbehear mei minder yntinsyf buorkjen oan de rânen fan de natuergebieten leit ek foar de hân. De FNP wol jild frijmeitsje foar eksperiminten en it ferhelpen fan fan skea. Dêr't de Provinsje moreel (mei) ferantwurdlik is foar skea

troch boaiemdelgong en pealrot as gefolch fan djipûntwettering moat der in better wurkjend skeafûns komme as it hjoeddeistige.

Aksjepunten:

- 5 1) Mear ynset op enerzjybesparring, lykas subsydzje op wenningisolaasje.
- 2) 530,5 MW is en bliuwt it absolute maksimum foar Fryslân as it giet om it opsteld fermogen oan wynenerzjy.
- 3) De boarger dy't asbestpanielen op it dak hat moat stipe wurde om dat derôf te krijen.
- 4) Sinnepanielen earst op dakken, parkearplakken oerdekke en al soksoartige mooglikheden.
- 10 Allinnich op 'e grûn as dat it lânskip net skeint.
- 5) Untwikkeling fan oare foarmen fan duorsume enerzjywinning lykas Blue Energy en ierdwaarmte stimulearje.
- 6) Pleitsje foar it skrassen fan ferkeard útwurkjende belestingfoardielen en enerzjysubsydzjes dy't ûngelikense behanneling fan ynvestearders foar de gewoane boarger oer feroarsaakje.
- 15 7) Ta op in Europeesk belied foar stroom en oare enerzjy dat oer de grinzen giet.
- 8) De beloften oan Fryslân út it Deltaprogramma neikomme: net ien soe der kwa feiligens op efterút gean; de seediken moatte sa gau mooglik wer foldwaan oan de easken.
- 9) Omkearing fan de bewiislêst foar skea troch gas- en sâltwinning yn de Mynbouwet en ferplichte nulmjitting foar de gebouwen foarôf
- 20 10) Mear tydlike bergingskapasiteit foar swiet wetter realisearje.
- 11) Gjinn gegriem mei CO₂-opslach, skalygaswinning of radioaktyf ôffal yn Fryske grûn.
- 12) De FNP sil it plan fan it Wetterskip ôfwize om fan de Greidhoeke ien grut peilfek te meitsjen.
- 13) Earst yntegraal it loftrom opnij besjen én maatskiplik akseptabele en fleantechnysk optimale fleanrûten en -profilen meitsje, foardat besletten wurde mei oft *Lelystad Airport* iepen kin.

25

8. Fryslân rekkenet

Baas oer de eigen finânsjes

Wy steane foar in hoeden en ferstannich finansjeel belied. De Provinsje moat wurkje mei slutende begruttingen. Grutte ynvestearringen dêr't de Provinsje oan meibetellet, moatte oantoanber foardiel hawwe foar mear as ien generaasje. De FNP wol dat it Ryk him hâldt oan de Wet Finansjele Ferhâldingen en it Europeesk Hânfêst. Elke oerheidslaach, elke Provinsje hat neffens dy wet rjocht om sels autonoom oer syn finânsjes te besluten. lensidige grepen yn 'e kas troch it Ryk bygelyks yn it Provinsjefûns of it Waadfûns kinne dêrom net. Wy wolle ûndersykje litte wat der allegearre oan spesifike doelútkearingen noch fierder fersimpele wurde kin. Leafst mei in oerheveling nei it Provinsjefûns, sadat Fryslân sels beslute kin wêr't wy it jild oan útjouwe. Wy wolle gjin útfieringsloket fan it Ryk wurde. It jild dat hjir fertsjinne wurdt, moat troch ússels wer ynvestearre en útjûn wurde kinne. Dat betsjut dat belestingynkomsten foar fierwei it grutste part ek wer beskikber komme foar de Friezen. Earne oars yn Europa binne al in soad foarbylden hoe't dat praktysk regele wurdt.

Baas oer de eigen finânsjes betsjut by it behear fan dat jild ek dat jo net al te ôfhinklik binne fan ien partij. Op dit stuit is dat foar twa fan de grutte ynvestearringsmaatskippijen dêr't de Provinsje Fryslân yn partisipearret wol it gefal (de NOM). De FNP wol op basis fan priis/kwaliteit hifkje oft it behear fan de jildmiddels foar eksterne finansieringen noch goed foldocht en oft dat ek better by oare partijen belein wurde kin.

De ferhâlding mei de Rânestêd

Haachske útfiningen lykas it ferplichte skatkistbankierjen by it Ryk en it tafersjoch op provinsjale reserves en ynvestearringen moatte oan 'e kant. De ferdielkriteria fan Provinsjefûns, gemeentefûns en doelútkearingen moatte tige kritysk hifke wurde. De Provinsje moat aktyf soargje dat sokke kritearia net te'n koste gean fan provinsjes lykas uzes. Regear en ministearjes hawwe wat dat oangiet faak in grutte fiksaasje op de Rânestêd en syn grut tal ynwenners. Te min wurdt derom tocht dat wy hjir mear kilometers wegen, wetter en lânoerflak hawwe dy't ûnderhouden wurde moatte. Neffens wittenskiplik ûndersyk fan it Coelo (Ryksuniversiteit Grins) giet der alle jierren miljoenen minder nei Fryslân foar ynfrastuktuer as dêr't wy neffens ynwennertal rjocht op hawwe. Der giet minder oerheidsjild de kilometer nei it iepenbier ferfier yn Fryslân as nei bygelyks Amsterdam (Noard-súdmetroline), mar wy moatte hjir fierder reizgje om earne te kommen! Dy ûngelikense ferdieling tusken de Rânestêd en de oare helte fan Nederlân freget algeduerigen ekstra omtinken.

Lykwicht yn ynkomen en útjeften

De netto ynkomen fan de Provinsje moatte ek yn de takomst genôch wêze om de nije kearntaken út te fieren. Desintraalisaasje moat net útdraaie op in ferhoalen besuniging út De Haach wei. Der is in fikse fermindering fan ynkomen út it Provinsjefûns en de desintraalisaasje fan taken nei de gemeenten ta. Dat betsjut dat de kommende perioade kritysk sjoen wurdt wat allegearre bûten de doar set is kwa wurksumheden en wat dêrfoar betelle wurdt. Dêrby moat ek sjoen wurde nei Mienskiplike regelingen en oft dat ek oars kin.

Der moat in definitive oplossing komme yn de provinsjale begrutting foar de finansjele dekking fan alle lytsere en gruttere knyp punten yn de provinsjale ynfrastruktuer en goed ûnderhâld fan wat wy al hawwe. Stik foar stik lykje dat lytse bedraggen, mar alles opteld giet it om in mûnske list, foar in part ek struktureel te dekken. Oan de ynkommestekant wolle wy dat de Provinsje de lobby foar de gasbaten mei

5 faasje trochset. Mei sukses hawwe wy yn it ferline de grutte mearderheid fan de Steaten efter dit doel krige. De opbringsten fan de mineraalwinning ferdwine nei de Haachske skatkiste en Fryslân sjocht der te min fan werom. De lêste tritich jier hat dat minder as ien persint west. De mienskip hjir wurdt wol mei de maatskiplike kosten fan de mynbou opskipe: boaiemsakjen, wetterhúshâlding, it sâltich wurden fan lânbougrûn, skea oan huzen en gean sa mar troch. Der moat in provinsjaal mineraalfûns ynsteld wurde.

10 Dêr moatte alle revenuën yn bedarje dy't frijkomme fanwegen de gas- en sâltwinning. Wy tinke oan in fûns krekt as yn Noarwegen, dêr't de rinte-opbringsten fan brûkt wurde foar it fuortsterkjen fan de ekonomy. Om't op termyn in (grut) probleem driget mei de reserveposysje fan de Provinsje Fryslân en mei it lykwicht tusken ynkommen en útjeften, moat Fryslân yn oerlis gean mei it Ryk om te kommen ta in finansjeel statút. **Utgongspunt is** dat Fryslân taken fan it Ryk oernimt dy't dien wurde foar Fryslân en dat

15 dan ek de byhearrende finânsjes mei oergeane.

Utgongspunt is: publike tsjinsten yn publike hannen. De Provinsje is grutoandielhâlder fan drinkwetterbedriuw Vitens. Dy oandielen wolle wy graach oanhâlde, net allinnich fanwegen it finansjeel resultaat mar benammen omdat de drinkwetterfoarsjenning as publike kearntaak neffens ús yn publike hannen heart. Itselde jildt foar Alliander, dat it netwurk fan de elektrisiteit yn Fryslân beheart.

20 **Belestingen**

Ferheging fan belesting is in alderlêste middel om de oerheidsfinânsjes sûn te hâlden. Mar in eigen belestingdomein, lykas de opsinten, is in hurde betingst foar de takomst fan Fryslân as Provinsje. Feroaringen yn de finansjele ferhâldingen fan de Provinsje mei it Ryk moatte der net ta liede dat de Fryske boarger it belje moat. De besteande jildstreamen moatte ynearsten oars organisearre wurde. Dus

25 gjin ekstra belesting, leafst minder of op syn meast netto gelikense lêsten foar de minsken.

Topsalarissen

Untspoarde topsalarissen by wenningstichtingen, grutte skoallemienskippen en sikehuzen binne der mei oarsaak fan dat it betrouwen yn de oerheid minder wurden is. De FNP wol dêrom dat direkteuren, topbestjoerders en meiwurkers fan oerheden en (semy)publike organisaasjes net mear fertsjinje as in

30 deputearre (de Fryslân-noarm).

Aksjepunten:

- 1) De Provinsje moat in eigen belestingdomein en iepen finansjele húshâlding behâlde.
- 2) Fryslân bliuwt by de top 3 fan provinsjes mei de leechste belestingen (opsinten).
- 3) Net allinnich de útfiering fan taken fan it Ryk nei de gemeenten en de Provinsje desintralisearje,
5 mar ek it foech oer de finânsjes dy't dêr by hearre. Leafst troch oerheveling nei it Provinsjefûns,
sadat Fryslân tenei sels oer dat jild beslute kin.
- 4) De opbringsten fan mineraalwinning moat Fryslân sels oer beskikke kinne.
- 5) De Provinsje mei gjin kontrakten slute mei publike organisaasjes dy't harren wurkgebiet yn
10 Fryslân hawwe en dy't topbestjoerders en meiwurkers hawwe dy't mear fertsjinje as in
deputearre.
- 6) In heger tempo fan ynvestearringen fan it Waadfûns yn it Waadgebiet stimulearje. Fan no 28 nei
40 miljoen euro op jierbasis.
- 7) Standert wurdt neigien oft subsydzjes it beëage effekt hân hawwe.